



Oan: **Cedin-wurkgroep kurrikulum.frl**
Lavendelheide 21
9202 PD DRACHTEN

200803.def

Itens/Drachten, 3 augustus 2020

Ûnderwerp: boustiennen foar in nij learplan Fryske taal en kultuer

Achte leden,

Op 29 april 2020 hawwe wy as *FFU* jimme in earste reaksje (brief) takomme litten foar jimme opdracht om boustiennen te leverjen foar in nij learplan Frysk. Wy freegje dêr fannijs omtinken foar, no (ek) oan de hân fan in fjouwertal fragen dy't te lêzen binne op de webside kurrikulum.frl.

Ynliding

As yn 1974 it Frysk as fak ferplichte wurdt (yngien 1980) en fan 1975 ôf ek as fiertaal by it basisûnderwiis brûkt wurde kin, dan bart soks op grûn fan oanhâldend krewearjen fan de doe noch besteande *Provinsjale Underwiisried* 'als een ondersteuning voor het functioneren van het Fries' (Projectgroep invoering Fries). By dy (taal)politike beslissing stiet it *brûken* leare fan de taal sintraal en as soks goed dien wurdt, dan hat dat in (positive) wjerslach op de *persoansfoarming* (identiteit, respekt en ferantwurdlikens foar Fryske taal en kultuer) en *sosjalisearring* (mienskiptsfoarming). Ûnderwiis yn it Frysk is gjin frijbluwende hobby fan skoallen (bestjoer, direksje, learkrêften), mar moat opfette wurde as in *algemien belang* fan de Fryske mienskip. It is demokratysk fêststeld yn de Twadde Keamer en de skoalle hat de taak as pedagogysk-didaktyske *útfierder*.

Jimme wurkgroep hat as opdracht om foar 1 oktober 2020 mei boustiennen te kommen foar in nij kurrikulum Frysk. Ûs reaksje op jimme sintrale fragen foar in nij kurrikulum Frysk wol dêr in bydrage ta leverje.

De fjouwer fragen:

1. *Hoe hâlde wy romte foar skoallen om sels it programma te bepalen, sadat soks oanslút op harren fyzje, learlingen en omjouwing?*

De Nederlânske Grûnwet jout de ferplichte 'deugdelijkheidseisen' (kêst 23, lid 5), mar lit de skoalle de didaktyske frijheid. De wetjouwer seit wat oer it '**wat**', mar lit it '**hoe**' frij, passend by it skoalkonsept, de begjinsituaasje fan de learlingen en skoalsituaasje. Dat jildt likegoed foar de kearndoelen as operalisearring fan de nei te stribjen feardichheden.

Der is besocht om it Frysk út de skoalle te kearen om't soks yn striid wêze soe mei de ûnderwiisfrijheid. Soe dat it gefal wêze, dan soe dat út soarte likegoed jilde moatte foar in ferplichte fak as it Hollânsk ('Nederlands') en foar elts oar fak. Ûnderwiis yn it Frysk hoecht in eigen fyzje op it jaan fan ûnderwiis net yn it paad te stean. Hoewol't de skoallen foar it Frysk as fak mar út in beheind tal 'metoaden' kieze kinne, betsjut dat net dat eltse skoalle itselde paad lâns moat.

Wol spilet de tiidsfaktor foar ûnderwiis yn de trije (ferplichte) talen in rol. Der moat op it lesroaster genôch romte foar it Frysk as fak wêze en de taal moat ek as fier- en ynstruksjetaal brûkt wurde. Nije ûntjouwings as *translanguaging* kinne dy romte foar it Frysk mooglik meitsje. In betingst is dan dat der foldwaande *yntegraal* meartalich lesmateriaal beskikber is (sjoch ek punt 4).

2. Hoe kinne wy dúdlikens kreëarje: wat moatte alle learlingen leare en hoefolle romte is der oer foar eigen ynfolling?

It doel fan ûnderwiis yn it Frysk is dat de bern sa goed mooglik leare om te partisipearjen yn de mienskip yn Fryslân. Dan giet it om mûnlinge én skriftlike kommunikaasje yn it Frysk. As ûnderwiis yn alle fjouwer taalskiften foar guon bern sa gau net ferantwurde wêze soe (bygelyks foar flechtelingebarn), dan is lykwols in ûndergrins fan **ferstean** en **lêze** (!) kinnen oan de ein fan de basisskoalleperioade foar *alle*, dus ek net-Frysktalige barn, in realistysk stribjen. En wêrom soe de taal net **praat en skreaun** wurde kinne neffens de mooglikheden fan bern? Gâns bern hawwe al lang bewiisd dat soks kin. In taalmienskip kin allinne bestean (bliuwe) as de taal mûnling en skriftlik brûkt wurdt en de bern de taal ek (goed) leard hawwe. Dat jildt foar alle barn en dêrom is ûnderwiis yn it Frysk der ek foar nijkommelingen.

It Frysk is de lêste tiid ûnder druk kommen te stean, omdat Ryk (mei syn ‘draachflakkonstruksje’) en provinsje (‘oanpasse’ oan Frysk taalgebrûk fan de [skoal]omjouwing) skoallen alle romte joegen om de taal ynstitúsjoneel te *negearjen*, mei grutte gefolgen foar funksjes fan de taal, bgl. as *kommunikaasjemiddel* (ûnwis wurde oer it brûken fan it Frysk), de *identiteitsfoarming* (ferfrjemding fan en delsjen op it Frysk) en as *kultuerbesit* (gjin kennisoerdracht fan ús eigen Fryske skiednis en de Fryske literatuer). It moat dúdlik wêze dat ûnderwiis yn it Frysk gjin hobby is, mar in rjocht fan en in needsaak foar de mienskip. It is oan de skoalle om dêr, mei help (begeliedingstsjinst) en (noch te ûntwikkeljen) materiaal, in goede ynfolling oan te jaan.

3. Hoe hâlde wy rekken mei de ferskillen yn taaleftergrûn fan de learlingen?

De ferskillen yn taaleftergrûn binne grut. Sawol by fan-hûs-út Frysktalige as net-Frysktalige barn, omdat hja de taal wól, amper of nét meikrije of meikrige hawwe: der is ferskil yn thússituaasje, barn hawwe wol of net in Frysk- of meartalich pjutteboartersplak besocht, barn dy’t fan bûten de provinsje komme, ensfh.

As ‘oplossing’ keas de provinsje om *skoallen* (en dus nét learlingen) kieze te litten út in karmenu fan de keardoelen (taalskiften). It waard in stjerhûskonstruksje, omdat sa op **skoalnivo** foar alle barn in *unifoarm* programma mei mear of minder keardoelen bean waard op in sa *leech* mooglik nivo. It rapport *It is mei sizzen net te dwaan* (2018) jout dêr provinsjebreed in oersjoch fan. *Frijstelling* ferliene – bedoeld as in *útsûndering* – is sa regel wurden. In misslach, omdat de efterstelling fan de Frysktalige mienskip en fan barn sa legitimearre wurdt.

Lykas by alle ferplichte ûnderwiis is it wizânsje om yn de **klasesituaasje** te differinsjearjen: mear *yndividueel* rjochte, yn *nivo*- en/of *gearwurkings*groepen. Net troch alfêst in seleksje fan keardoelen op skoalnivo te meitsjen, mar om alle barn de kâns te jaan mei it Frysk sa fier mooglik te kommen. Troch yn de ûnderbou fan de basisskoalle te wurkjen oan *ferstean* en *praten* (lietsjes, ferskes, ferhaaltsjes neifertelle, ensfh.) kinne dy ferskillen tusken de learlingen al aardich lytser wurde om stadichoan ynstruksje yn it Frysk (as fiertaal) mooglik te meitsjen. As alle basisskoallen oan de hân fan in *trochgeande* learline harren wurk goed dogge, dan is yn it fuortset ûnderwiis differinsjaasje fanwegen taaleftergrûn net mear nedich op inkelde nij-ykommelingen fan bûten de provinsje nei.

4. Hoe dogge wy rjocht oan bygelyks Europeeske ferdraggen dy't der binne om de posysje fan it Frysk te beskermjen?

Yn kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst* (1996) wurdt – sûnder de steatstaal te ferwaarleazgjen – rom omtinken frege foar it Frysk yn pjutteboartersplak oant en mei de universiteit. Dat jildt ek foar de skiednis fan de oanbelangjende taal minderheid (kêst 8.1.g) en foar de oplieding fan learkrêften (kêst 8.1.h). Oant no ta is dêr net folle fan op 'e hispel kaam. Der waard gjin aksje ûndernommen en yn alle rapporten fan 'Europa' wurdt it Ryk dan ek opproppen om syn ferantwurdlikheid te nimmen.

Yn it *Ramferdrach* (2004) binne de Friezen oantsjut as in *nasjonale* minderheid. Dat ferdrach wol minderheden beskermje foar oerheden dy't harren it rjocht ûntsizze wolle om harsels te wêzen en harren identiteit te bewarjen en fuort te sterkjen. It liket derop dat yndividuën harren rjochten dêr net maklik mei ôftwinge kinne. It *Hânfêst* is fan datoangeande dúdliker oer de ynspannings dy't de lanlike oerheid leverje moat en by tekoartsjitten kin der ek makliker in berop op dien wurde.

Sûnt de ynfiering fan de ferplichting om ûnderwiis yn it Frysk te jaan, hat de oerheid gjin effektyf ymplementaasjebelied fierd en is it ûnderwiis yn it Frysk ôfhinklik fan de positive of negative opfettings fan de skoallen oer de winsklikens en útfierberens fan dat ûnderwiis. Dêrmei foldocht de oerheid net oan de trias politica: de skieding fan de *wetjaande* taak as oerheid en de *útfiering*staak fan de skoallen.

It Ryk is de einferantwurdlike oerheid foar it Frysk en de provinsje Fryslân is útfierder fan guon beliedsaspekten (bgl. foar it *fêststellen* fan de keardoelen Frysk en it jaan fan *ûntheffing* fan ûnderwiis yn it Frysk foar it basis- en fuortset ûnderwiis). Beide oerheden sille te set moatte mei de **betingsten** foar goed ûnderwiis yn it Frysk. Net langer moaie wurden fentilearje, mar de efterstelling effektyf oanpakke (makronivo).

1. De kêsten 8.1.a-c en e geane út fan rom omtinken foar it Frysk, wylst de aktuele wetjouwing (draachflakkonstruksje) en ûntheffing (taalgebrûk yn de [skoal]omjouwing as noarm) nêr rjochte is op in lykweardich en lykberjochtige plak foar de taal yn de skoallen. Dy **ynstitúsjonele diskriminaasje** moat ophâlde.
2. Kêst 8.1.h wiist op it belang fan kwalifisearre learkrêften, mar behearsking fan it Frysk is meastentiids gjin funksje-eask foar ûnderwiispersoniel yn Fryslân. Frysk as fier- en ynstruksjetaal is lykwols net mooglik as de learkrêft de taal net goed yn 'e macht hat. Faaks is dat wol dé oarsaak dat it ûnderwiis yn it Frysk op in grut tal (basis)skoallen net of hiel behyplik fan 'e grûn komt.
3. Kêst 8.1.i stelt dat der tafersjoch holden wurde moat op de ûntwikkeling en resultaten fan ûnderwiis yn de minderheidstaal. De ûnderwiisynspeksje is dêr it orgaan foar, mar dy hat gjin taak op it mêd fan útfiering en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk. Oant no ta publisearre de ynspesje om de safolle jier in temarapportaaasje, mar gjin *resultaat*bepaling lykas dat by it Hollânsk ('taal' neamd) yn de *Eindtoets Basisonderwijs* al it gefal is. Neffens de takende taalprofilen kin lykwols in begjin makke wurde mei wat de bern leard hawwe. Oant 2030 ta sille de skoallen alle jierren oanjaan moatte hoe't harren fuortgong ferrint nei in situaasje sûnder ûntheffing.
4. Krekt mei it each op de ferskillen yn taaleftergrûn fan de learlingen is in skoaloanbod nedich fan lykweardige keardoelen Frysk mei omtinken foar en it neistribjen fan *alle fjouwer* taalskiften. As de learlingen net leard hawwe om ús taal mûnling en skriftlik sa goed mooglik te brûken, dan stiet dat de takomst fan de Fryske taal en kultuer slim yn 'e wei. Efterstân by mûnlinge en skriftlike behearsking fan it Nederlânsk wurdt wol hiel slim achte (sjoch bgl. koartlyn it advys fan de *Onderwijsraad* oangeande simmerskoallen yn Fryslân), mar dat troch de bank nommen de efterstân by it Frysk folle grutter en slimmer is, wurdt net achtslein.

5. Om it skoallen mooglik te meitsjen kwalitatyf folweardich meartalich ûnderwiis te jaan mei in lykweardich plak foar it Frysk, is foldwaande *yntegraal* meartalich lesmateriaal foar yn prinsipe alle fakgebieten nedich. Net allinne foar de learkrêften, mar benammen ek foar de learlingen op it stik fan teksten en (skriftlike) opdrachten. Kwalitatyf heechweardich trijetalich materiaal jout de kâns om de wrâld ek yn it Frysk te bemasterjen.

As lêste

Eartiids wie it de hjitting dat omtinken foar it Frysk op skoalle net nedich wie om't it Frysk dêr sûnder wol om bestean bliuwe soe. Soks kin mei in taal allinne yn sletten, isolearre mienskippen. Mar yn de hjoeddeiske 'iepen' mienskip en maatskippij mei in meartalich karakter is it ûnderwiis yn it Frysk en de skiednis fan de Friezen gjin lúkse, mar in rjocht en in needsaak om de Fryske en Frysktalige identiteit te hoedzjen en fuortsterkje te kinnen.

Wy hoopje mei ús beäntwurding fan jimme basisfragen in bydrage te leverjen foar goede learplanútstellen.

Mei rju achttinge,

drs. Th. Dykstra, foarsitter FFU

drs. S.T. Hiemstra, skriuwer FFU